

DINGtiid orgaan foar de Fryske taal
o.f. dhr. J. Koster
Westersingel 4
8913 CK LJOUWERT

Ljouwert, 8 desimber 2025
Ferstjoerd,

11 DEC. 2025

Ús merkteken : 02452777
Domein/ Team : Taal en Leefberens
Opsteld troch :
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Reaksje op wurkprogramma DINGtiid 2026-2027

Achte hear Koster,

Op 1 oktober 2025 hawwe wy fan jo it wurkprogramma fan DINGtiid ûntfongen, foar de perioade 2026-2027. De ynhâld fan dat programma is yn it bestjoerlik oerlis tusken (in fertsjinwurdiging fan) it bestjoer fan DINGtiid en deputearre Folkerts fan 16 oktober 2025 wiidweidich bepraat. Dêrby hat de deputearre oanjûn dat sy akkoart is mei de aktiviteiten dy't DINGtiid de kommende twa jierren útfiere sil, en graach op de hichte bliuwt fan de fuortgong dêrfan middels de reguliere oerlisstruktuer. Mocht it wurkprogramma tuskentiids wizige wurde moatte n.o.f. aktuele saken dy't har foardogge, wurde wy dêroer graach op de hichte steld.

Middels dit brief befêstigje ik ek skriftlik dat de provinsje Fryslân ynstimt mei jim wurkprogramma foar de jierren 2024-2025.

Út namme fan it kolleezje fan Deputearre Steaten,